


13-3-1989

# 'T SKIEPPE- STURTSJE



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

REDAKSJE: Ineke Feenstra-Sijbesma, tel. 9277  
 Sytske Dijkstra-Bouwhuis, ,, 2968  
 Richtje Speerstra-Bakker, ,, 2635  
 Phün van der Berg-Blokker, ,, 4056  
 Rients van Buren, ,, 9280

TYPE- EN STENCILWURK: Thea Dam-Ruiter.


OMSLACH: Albert van Lingen jr., Wergea.

REDAKSJE-ADRES: Ineke Feenstra, Singel 2,  
 8765 LL Tsjerkwert.

BANKRELAASJE: Rabobank Bolsward; gironr. 856.829 t.n.v.  
 Rabobank Bolsward, reknr. 3087.56.800  
 t.g.v. It Skieppesturtsje Tsjerkwert.

+++++

FOARWURD:



Alhoewol it no noch mar juny is, en de simmer noch mar krekt begûn, ha wy foar ús gefoel al in hiele simmer efter de rêch. Al wiken lang moai waar, soks ferfeelt dochs net gau.

Ek de peuterkes yn it Waltahûs kinne no bûten boartsje, en wol yn'e tún fan'e pastorije.

Dochs hawwe de túntsjes hast wer wat ferlet fan wetter en fansels de boeren ek foar harren lân. Jûns hat eltsenien it drok, de iene mei it sproeien, de oare mei it miggeklappen.

Noch efkes en de fakânsjes steane wer foar de doar.

In protte bern ha de lêste moanne switte en stinne moatten foar it eksamen, mar fierder yn dit krantsje kinne jim lêze wa't der slagge binne. Hawwe wy ien net neamd, dan hearre wy dit graach.



Wy winskje jimme allegearre sukses mei it finen fan wurk of mei fierdere stúdzje.

De lêste wiken is it jûns faak drok op it sportfjild. Tiisdei-te-jûns wurdt der omraak keatst ûnderlieding fan Jan Dijkstra. Foaral by de bern is in soad belangstelling. Fierder wurdt der fuotballe tusken de doarpen.

Wat nij is, is de volleybalkompetysje. 11 Tiims hawwe harren opjûn. Sy hawwe 3 jûnen volleyballe en op 1 juny wurde de prizen bekend makke.

Ek op 7 en 8 july sil der wer fan alles te dwaan wêze op it sportfjild. Dan ha wy ús doarpsfeest.

Fierders wol ik jimme, nammens de redaksje, in fijne fakânsje ta winskje, sawol thús as fier fan hús. Kopy graach foar 1 septimber by ien fan ús.

Sytske.

#####

#### BERICHTEN VAN DE DORPSOMROEPER:



De denkbeeldige bomen waar ik in het april-nummer over berichten en die vol knoppen zaten, maar..... zich omstandigheden voordeden, dat er vertraging ontstond. En die genoemde denkbeeldige bomen staan al reeds weer volop te bloeien als nooit tevoren!

Wat ik al de dagen ervaar reden genoeg tot veel dankbaarheid. Nog wel een geregelde controle door de behandelend chirurg en dat voorlopig wel zo zal blijven. Veel in beweging en nog een aantal beperkingen en natuurlijk geen wolken sigarettenrook meer om je heen. En dit laatste door de vele andere bezigheden, merk ik het gemis nauwelijks. En wat de nabije toekomst brenge moge, zal ik dan ook in vertrouwen afwachten.

Ik ken mijn geluk weer en .....daarom leef ik in rijk bezit! En gaan na deze berichten weer tot de orde over van de dag.

Zomertijd:

Een tijd dat het 's avonds langer licht blijft. En je komt je doprsgenoten op straat meer tegen. Je leert je burens en de mensen in je straat weer kennen. En..... je hoort nogeens wat!



Lintjesregen 28 april:

Ook dit jaar wederom geen ijlbode van de gemeente en geen fanfare op de stoep aan de Kade 8 alhier. De geringste eerbetuiging, die je kunt bemachtigen, nml. de eremedaille in brons, kon ik tot op de dag van vandaag helaas nog niet op mijn pet spelden. Maar..... met de Prediker te verzuchten 'Ijdelheid der dingen, zijn ijdelheid en onrust' kwam ik deze jaarlijkse teleurstelling al redelijk gauw weer te boven. En menigmaal eerder schreef ik al reeds dat men vaak meer lijdt van niet te hebben wat men verlangt, dan dat men geniet van wat men heeft.

De meimaand:

De maand is nog geen twee dagen oud en Lubbers kan het wel vergeten om zijn karwei af te maken. Om reden in het late avonduur om precies 23.30 u. komt het kabinet met groot geraas, dat zelfs op de schaal van Richter niet kon worden weergegeven, ten val.

En nadien is de stoelendans van het Haagse volkje alweer in volle gang.

De partijborden van



de verkiezingen zullen spoedig tegen de zomerhemel staan. Vele mensen zijn hun geestelijk houvast kwijt. Ze weten het niet meer, veel is beloofd door de politici dat ze niet waar konden maken en dat geeft nu eenmaal een grote kater.

Het zal altijd wel zo blijven als destijds: Ze namen allen nog een glas en nadien deden ze een plas en .....alles bleef zoals het was.

Voettocht langs het wandelpad van de samen op weg gemeente op 18 juni j.l. naar de morgendienst te Dedgum.

Maar helaas op deze prachtige schone en zonnige zondagmorgen (misschien niet schokkend of toch betreurenswaardig? vult u zelf maar in) ging de dorpsomroeper met nog 2 kerkgangers op weg, waarvan één E.H.B.O.-er was, die een aantal jaren zelfs geleden, nogeens geridderd was in de orde van de liesslagader.



In de beginne waren wij nog van plan om zich tijdens de wandeling enigszins te verspreiden op het wandelpad, om reden dat het dan niet zo erg opviel dat de groep zo klein was. Maar bij nader inzien bleek dit geen oplossing. Tijdens de gesprekken op deze wandeling, die zeer geestverrijkend waren, nodigde de roepstem van de klok uit de oude kerktoren ons vriendelijk uit: Komt!, komt!, komt! Na de kerkdienst vertrok het weer huiswaarts in opperste blijmoedigheid tegen elf uur was men weer in zijn vertrouwde omgeving.

Ene Romeinse dichter, Publilin Syrus, uit de 1ste eeuw voor Christus schreef reeds dat een onderhoudend metgezel op de weg evengoed is als een voertuig. En zo heb ik het op deze zondagmorgen rijkelijk ervaren.

En dit bericht van 'samen op weg' wil ik afsluiten met het volgende, dat je nu eenmaal niemand kunt dwingen om mee te gaan. Maarten Luther formuleerde het zo: 'Als ik wist dat morgen de wereld zou vergaan, dan zou ik vandaag nog een boom planten!'



En het zal nooit zo wezen, dat deze begerenwaardige opzet weer ten grave zal worden gedragen en daarom waarschijnlijk D.V. dit jaar nog een najaar voettocht naar genoemde kerk.

Het Merenplan:



Het Merenplan wordt door de gemeente Wûnseradiel toch serieus genomen. Het al bijna 20 jarig plan wordt telkens opnieuw naar voren gehaald. 'Het water' is tot op heden nog niet zo hoog geweest in de weer toekomstige meren. En degenen, die er nog niet in geloven of zich er niet mee verenigen doen net als de jongeling: 'Hij gaat bedroefd heen'. En de laatste boer, die vertrekt voor het water opkomt, doet natuurlijk het licht wel uit!

*Polder kopje onder...*

Nog wat korte berichten:

Maakte vanaf de 6de mei sinds eind maart weer rondgangen door onze dorpen.

Voor 'Eensgezindheid', ver. dorpsbelang, Siko en Geertsje (adres ongewijzigd), Rick Steur en Grietje Postma vanwege de geboorte van Tymen. (Gez. 248 o.b.), tropische avond in het Waltahuis.

In dezelfde meimaand ging ik in groep 14 Elfstedenfietstocht uit de hanzestad Bolsward tot de voormalige academiestad Franeker. En deed nog mee in Purmerend aan het concours van stads- en dorpsomroeper.

Een bijzondere groet aan die lieden, die in deze vroegere mei oftewel trouwmaand hun huwelijks-jubileum vierden of herdachten.

Gedenk de weg die u de Here deze jaren geleid heeft.

Veel zegen en gezondheid!

Waar gaat de reis naar toe.....

De tijd is weer komende dat de trekvogels naar hun vakantie-oorden of paradijzen gaan, het is maar net hoe je ze noemen wilt.

Vacantie is nodig of.....  
is vakantie nodig?

HET MOOISTE VAN VAKANTIE IS HET  
THUISKOMEN... M'N EIGEN HUIS... WEER  
SLAPEN IN M'N EIGEN BED... EN  
WEER TERUG BIJ BERTUS, M'N  
HOND....

Voor velen is het een verademing om een aantal weken elders te vertoeven.

Weer anderen volstaan met de opmerking, dat het in 'Costa del Tún' ook mooi is, om reden dat ik zelf in de zomermaanden als dorpsomroeper nogal veel in de regio en daarbuiten bezig ben en de behoefte aan vakantie niet zo groot is.

Maar indien mogelijk ga ik eens in de maand één dag met een dagtocht van de Fram met de gewone lijndiensten en dan reizende door het mooie Friese weidse land, val ik dan ook menigmaal van de ene verbazing in de andere. Wat mijn oog het meest boeit zijn die mooie ligboxstallen in aanbouw of opgebouwd en reeds in gebruik.

En dan tijdens zo'n reis voel ik mij, als kleine spaarder bij de bekende bank van geld en goede raad, dat mijn spaargeld deze lieden goed van pas komt. En dan ontdek je maar weer eens hoezeer je naaste arbeid van eertijds tot heil sterkt van je medemens.

Hoe het ook zij, of wat ik u ook doe, lichaam en geest en gezondheid varen er wel bij en daarom vanaf deze plaats wens ik u allen een prettige zomerperiode toe, zowel thuis of ver van huis.


Tenslotte: Ieder doet maar wat hem behaagt. Hetzij hij vist of jaagt!

Wederom van huis tot huis  
de hartelijke groet van de  
dorpsomroeper.

Wat hat

**Gabe Skroer**

us hjoed te sizzen



Dy't in bestean meitsje fan fiskjen  
en jeien, wurde nea ryk en binn-  
faak te bekleien.

ffffffffffffffffffffffffffffffffffffffffffffffffffffffffffffffffffffffff

De opbringst van it Reade Krús wie f 355,20.

## IT DOARPSREISKE:



De kommisje hie wer it jierlikse reiske fêststeld.

Op 16 juny soe't wêze.

Middeis 1 oere starten we fanôf de brêge mei prachtich waar en in bêst sin. Der gongen sa'n tweintich (20 50-plussers) út Tsjerkwert en Dedzjum mei.

Mei 5 auto's rieden we oer Gasterlân rjochting Lemmer.

't Doel wie de N.O.P. en wol de âlde lytse eilandsjes Skoklân en Urk.

Underweis koene we wer sjen hoe moai de S.W.-hoeke fan Fryslân is. Lemmer foarby blik algau, dat de kommisje wat muoite hie om it goede paad te finen.



Amearika, Kanada,  
sels Nij-Seelân, se  
binne samar te plak,  
mar Skoklân, ho mar;  
te lyts tink!

Healwei trijen wiene we dochs  
noch krekt op tiid te plak.  
De kofje mei gebak stie al  
klear en it foel der lekker yn.  
It museum wie ticht; net sa  
spitich, want it waar wie te

moai om binnen te wêzen. Al-hiel gau gongen we rjochting Urk.

Troch it droke ferkear rekken de sjauffeurs elkoar algau kwyd, mar Urk wie wol te finen.


It waar wie noch te moai om lang troch Urk te rinnen.

Al gau sieten de meesten op it terras fan hotel 'De Zeeboden' oan drank en iis. It siet der tige noflik en gesellich mei it sicht op de haven fan Urk.

Seis oere kofjetafel; it smakke de measten goed. Foaral de fisk foel der lekker yn.

In skol, neffens de kenners D.W. en W.B.

Nei de kofjetafel gongen we lâns it wynmolepark fan Urk en doe de kust del rjochting Lemmer.





Alwer muoite om byelkoar te bliuwen. Mar Doet hat der slach fan om de sjauffeurs wer yn folchoarder te krijen. Goed 8 oere noch efkes gesellich sitte op it terras fan hotel 'Gasterlân'. Healwei tsienen wiene we wer foldien en optein thús.

Fokke Gietema.

~~~~~

BETANKE:

Betanke tsjerkerie,  
dat wy mei dit moaie waar  
yn'e pastorytún boartsje meie.  
Wat is der no moaier as wetter,  
sân, krekt meand gers, in  
túntsjende flinter op in  
blom, in oerstekkende kat en  
in keppel einen efter it  
gaas?



It Pjuttehonk.

~~~~~

BERJOCHTEN FAN DOARPSBELANG:

"Wenje yn Tsjerkwert?"

Op 18 maaie l.l. hienen wy in ynformaasje-jûn yn it Waltahûs. It tema wie: "Wenje yn Tsjerkwert?"

Oan it wurd kamen dhr. Hettinga en dhr. Venema.

Op dizze jûn waard dâlik, dat de grûnferwerving troch de gemeente praktysk rûn is (riedsbeslút is op 26 juny).

De mooglikheden foar sosjale wenningbou en preemje A-bou binne mar kreup yn'e gemeente. Wy sille it, nei alle gedachten, ha moatte fan de frij sektor.


Wy, as doarpsbelang, wolle it net by dizze jûn litte.

Undertusken ha wy in brief stjoerd nei de wenningstichting yn Wommels, mei it fersyk om 4 sosjale wenningwetwenningen op de grûn fan it nije bestimmingsplan.

Fierders starte wy mei in saneamde reklamekampagne.

Boukavels + f 55,- de m<sup>2</sup> sille hjiryn te keap oanbean wurde.

Wy hoopje mei sukses.



**Algemiene**

**Fryske**

**Underrjocht**

**Kommissje**

**(A.F.U.K.)**

De AFUK wol graach rûnom kursussen Frysk organisearje foar folwoeksenen: kursussen Frysk foar net-frysktaligen om it Frysk ferstean, lêzen en leafst ek praten te learen en leargongen A en B foar Fryskpratenden, dy't it Frysk skriuwen leare wolle en harren fierder talizze wolle op de Fryske taal en by B dêrnjonken ek op de Fryske literatuer en de skiednis fan Fryslân. Foar it starten fan sa'n kursus binne op syn minst 10 kursisten nedich.

Opjaan by doarpsbelang, tel. 2635.

DER IS NOCH HOPE FOAR IT

# frysk

Op moandeitemiddei, de 29 ste maaie, wie der in útrikking fan Fryslân-diploma's fan de AFUK yn de 'Ald Hang' te Tsjerkwert.

Dizze diploma's foar net-frystaligen wienen oanrikket troch ús âld Tsjerkwertster Liskje Flapper fan Burchwert, de learares fan de kursus. De fiif kandidaten, w.û. twa Warkumers en twa út Koudum wienen slaggen mei tige moaie sifers.

Dochs wie, it petear fan dizze noflike gearkomate wer ringen yn't Hollânsk trochset, om't wy oan ús Fryske taalkennis ridlik gau te koart kamen.

Mar ek wy hawwe hope foar bettere Fryske taaltiden!

Daan.

=====



EMEENTE

Wûnseradiel

SPORTRAAD



ONDERWERP: SPORTAKTIVITEITEN 1989.

ZEMMEN

Om het Kampioenschap van Wûnseradiel.

Datum: Zaterdag 1 juli 1989 te Witmarsum.

Aanvang: 10.00 uur.

Aanmelding ten gemeentehuize (A. Nauta) of bij het zwembad tot en met 27 juni.

Diverse leeftijdsklassen.

FIETSTOCHT

Op zaterdag 2 september 1989 over de afstanden 100, 60 en 30 km.

Startplaatsen Witmarsum (100, 60 en 30 km), Makkum (60 en 30 km) en bijna alle dorpen (30 km) van Wûnseradiel.

Aanvang: 0.8.00, 0.9.00 en 13.00 uur.

SCHOOL-

Om het Kampioenschap van Wûnseradiel.

KAATSEN

Datum: In de herfstvakantie.

Plaats: Sporthal Maggenheim.

Deelname alleen vanuit de gemeente.



SKIEPPESTURTEN

IN OPROP:

Wie heeft een oude matras of loper ter beschikking voor de oranjevvereniging?

Zoja, wilt u dan even bellen? Tea Huitema: tel. 9595.



Het oranje-bestuur.

Voor dit jurkje in maat 36/38  
heb je 2.60m stof van 90 cm  
breed en 2m lint nodig.  
Patroondelen: - 1 voorpand

ZELF KLEDING MAKEN:

In september starten we met de cursus, 'zelf kleding maken'.  
Dit zal het derde seizoen worden.

We zijn in het eerste jaar met één avond begonnen, maar dat  
werder in het tweede jaar, twee avonden.

We kunnen nogwel wat cursisten plaatsen, dus heb je  
interesse, meld je dan even bij mij, graag vóór 1 augustus a.s.

De cursus:

- kost f 7,50 per keer
- is elke week
- is op woensdag en donderdag
- begint september en eindigt  
in april
- begint om 19.45 u.
- eindigt om 22.00 u.
- wordt geleid door Joke de Jong
- wordt gehouden in de consistorie in Dedgum
- er is om half 9 altijd tijd voor een koje koffie
- je moet zelf wel je naaimachine meenemen



Natuurlijk  
We houden  
gezellig

Je mag je eigen patroon uitzoeken, we werken n.l. niet met  
opdrachten.

Je maakt wat voor jezelf, je man, je kind of zelfs voor je  
moeder, het maakt niet uit.

Joke is er om je te helpen en om je van alles te leren op het  
gebied van 'zelf kleding maken'. Je hoeft geen Marion of  
Knip te kopen. Dit zijn bladen waar patronen in staan.

Joke heeft er een doos vol van en neemt ook iedere maand de  
nieuwste Knip mee.

Je mag zelf weten elke avond jou het beste uitkomt om de  
cursus te volgen.

Interesseert het je, bel me dan gerust!

Groetjes van Leny Haytema,  
tel.: 9520

- 2 achterpand - 3 bies nals  
voor - 4 bies armsgat voor  
- 5 bies armsgat achter  
- 6 bies hals achter.

## KONINGINNEDAG-VIERING 1989:

's Morgens ging ons plaatselijk muziekkorps 'Eensgezindheit' door Tjerkwerd; een mooie opening van deze dag (helaas was het onmogelijk voor F. Schakel om de dag in te luiden, Schakel "beterschap").

En wat een verrassing! vijftig kinderen deden mee aan de versierde fietsoptocht. Schitterend!

Er waren erg mooie, fleurige fietsen bij.

Toen in optocht naar het sportveld, waar het Wilhelmus werd gespeeld.

Daarna aktie, nml. volleybal, kaatsen en spelletjes voor de kinderen van groep 1 t.e.m. 3.

Wat troffen wij het met 't mooie weer.

's Middags waren er spelletjes voor de kinderen van groep 4 t.e.m. 8. De deelname was goed.

Om half 3 werd er flink "aan het langste eind getrokken".

"Toulúke" voor jong en wat ouder. Wat een krachtinspanning.

Het veld werd hier en daar omgeploegd. Na dit hele gebeuren was er de prijsuitreiking van die dag gehouden sport- en spelletjes.

De prijzen gingen naar:

### x Jeugdkaatsen:

- 1e prijs - Alex Draaisma  
Tjeerd Haarsma  
Tineke Schukken
- 2e prijs - Steef Haarsma  
Martine Hylkema  
Peter Ouderkerken

### x Fietsversieren:

- groep 1 en 2 - Gritta van Buren  
groep 3, 4 en 5 - Berber Steggerda  
groep 6, 7 en 8 - Thea Bakker

### x Kaatsen senioren:

- 1e prijs - Johan Velting, Gooitzen Brandsma, Douwe v.d. Werf





2e prijs - Niek de Boer, Johan Gaastra, Manfred de Wolff

Volleybal:

1e prijs - Foekje Bakker, Jet Galama, Durk Hiemstra, Cilia Huitema, Niek Galama, Sjoukje Hylkema

2e prijs - Ineke Haarsma, Elly de Groot, Joke Huitema, Johannes Dijkstra, Durk Breeuwsma, Agatha Witteveen

Touwtrekken:

1e prijs (junioren) - Alex Draaisma, Tjeerd Haarsma, Steef Haarsma, Manfred de Wolff, Jelle Brandsma


1e prijs (dames) - Thea Zijssling, Nellie Walsma, Leny Haytema, Johanna Bakker, Thea Dam

1e prijs (heren) - Johannes Bakker, Jelle Zijssling, Rinnie Hiemstra, Durk Hiemstra, Yeb Witteveen

's Avonds was er toneel in "It Waltahûs".  
Het toneelstuk heette: "Toe ju, doch ris wat".  
De toneelgroep was 'Suprise' en kwam uit Witmarsum.  
Na afloop kon er gedanst worden  
maar een ieder was waarschijnlijk  
te moe.

Men zat of stond gezellig te  
praten en dat was ook gezellig.  
We kunnen terugzien op een  
mooie dag en we  
hebben het erg getroffen  
met het schitterende  
weer.

Nog even een  
herinnering:  
Het zomerfeest is  
georganiseerd op  
7 en 8 juli '89.  
U bent er toch ook?  
Tot dan en de beste  
wensen namens het





EMEENTE

Wunseradiel



### SANERING ONDERGRONDSE OLJETANKS

Nog niet zolang geleden stookten veel mensen hun kachel of c.v.-installatie met olie.

Een ondergrondse tank in de tuin zorgde ervoor dat men steeds voldoende brandstof in voorraad had.


In de loop der tijd zijn veel bezitters van ondergrondse olietanks echter overgegaan op het gebruik van aardgas voor verwarmingsdoeleinden. De olietanks liggen nu nutteloos in de grond en vaak nog gedeeltelijk gevuld met olie. De binnenkant van deze tanks vormt echter gevaar. Op de bodem van een tank komt na verloop van tijd veel bezinksel. Dit bezinksel is zeer agressief en tast de binnenkant van de tankwand snel aan. Hierdoor kunnen reeds na enkele jaren gaten ontstaan in de tankwand, waardoor de nog in de tank aanwezige olie eruit kan stromen.

Het zal u duidelijk zijn dat de olie die in de bodem en in het grondwater terecht komt ernstige gevolgen voor het milieu heeft. Zo kan bijvoorbeeld 1 liter olie 1 miljoen liter water bederven en ongeschikt maken voor menselijk gebruik.

Een eigenaar van een lekkende tank is wettelijk aansprakelijk voor de schade die daardoor wordt aangericht.

Om bodemvervuiling door oude olietanks te voorkomen heeft de gemeente het volgende voorstel. De gemeente is bereid om de olie uit de tanks te verwijderen en deze vervolgens schoon te spoelen en onklaar te maken.

De kosten die hieraan zijn verbonden komen geheel voor rekening van de gemeente. Indien u als eigenaar van een ondergrondse olietank gebruik wenst te maken van deze (tijdelijke) mogelijkheid wordt u verzocht dit vóór 1 september a.s. door te geven aan dhr. Gietema van de dienst gemeentewerken (tel. 05175 - 1541, toestel 70), alwaar u ook verdere informatie kunt krijgen.



RJU ACHTE SKIEPPESTURT

LEZERS:

Yn de wike fan 12 o/m 17 juny hawwe de minsken fan de restauraasjekommisje foar it lêst op 'en paad west. Elts mei in mânske tas of stevige ponge, want gûnen binne swier. No wie de sparpiip by eltsenien net like fol, mar nei in stik as wat 'klanten' weage it der dochs yn. By guon lju stie de folle piip al op ús te wachtsjen, oaren moasten earst ris sykje wer't dat ding wie. It lit him riede, dat wy by it iene adres gauwer klear wiene as by it oare.

Fjouwer kwartsjes binne earder teld as trije hûndert gûnen, mar ceral wie der tiid foar in noflik praatsje. Coby, Doet, Jelly en Okke hawwe noch ien kear mei in protte wille al dat jild nei 'sintebaas' Gerben tôge. By Gerben thús hawwe se my dyselde nocht, noch ris oan it tellen west. De sparpiipaksje hat sa'n f6053,75 opbrocht. Wy binne der tige bliid mei. Oan lammejild is der ek al f 780,- binnen. In lyts optelsomke jout in sifer fan f 97054,36 te sjen. In definityf einbedrach is it net, want der binne noch in pear tasizzingen ûnderweis. It grutste part fan it jild stiet lykwols al ta foldwaan fan de tsjerk-fâldij.

Eltsenien in noflike fakânsjetiid tawinske en yn de neiste Skieppesturt komme wy graach mei it lêste kommisjenisj.



Restauraasjekommisje  
St. Petrus tsjerke  
yn Tsjerkwert.

#####

BYDRAGEN BINNE KOMMEN FAN:

F. Ettema - Dedzjum, R. Steur - Sylroede, frou A. de Jong - Kollum, frou B. Kuipers - Singel, S. Gaastra - Himdyk, Jan Dijkstra - Sylroede (ja, Jan dêr ûntkom je no net oan.....)



STILTE  
EINDEXAMENS

EXAMENS

geslaagd

Middelbare school voor levensmiddelen-technologie:

Cilia Huitema.

Technische school:

Timmeren - Binke Bakker, Peter Bakker,  
Rudy Mekking.

M.A.V.O.:

Edwin de Boer, Mike Falkena.

L.H.N.O.:

Hendrika Bakker, Beitske Breeuwsma,  
Femmie Tiesma.

Lag. land- en tuinbouwschool:

André Huitema.

H.A.V.O.:

Anneke Gietema.

Fryslân A. diploma: Frou A. de Jong-Jorritsma, frou C.  
Hofstra-Draaijer.

Fryslân diploma foar net Frysktaligen: D. van Stigt Thans.

Muzykskoalle:

Diploma A

===== - Nienke Nauta - dwersfluit

Anke Witteveen - bûgel (mei lof)

Eduard Witteveen - bûgel

Durk Ouderkerken - bûgel



EXAMENS





STAN:

BERNE - Op 31 maaie krigen  
Jelte en Arjen in broerke.  
Hy hjit **Tymen**  
syn heit en mem binne Rick en  
Grytsje Steur.



- Op Aaksens waard berne Anna  
Johanna dochter fan M. Flapper en  
E. Hoeks.

- Anno en Anneke Hettinga-Draijer  
krigen op 16 juny in lytse soan.  
Hy hjit Douwe.



- Op âld maaie binne troude Sieko Postma en Geartsje Krikke.  
Sy wenje op Arkum.
- En op 3 maaie trouden Klaske Postma en Wytze Venema.  
Sy wenje yn Easterwâlde.
- 12½ jier troude: Rients en Anneke van Buren-Dijkstra.
- 25 jier troude: Jelle en Agatha Huitema-Zeinstra.
- 30 jier troude: Enne en Anny Feenstra-Burghgraef.

LOKWINSKE ALLEGEARRE!





- Tsjalke woe syn auto ek diele litte yn dit genoegen; tegearre sylden se de Ymswâldster leanesleat yn.
- Anneke G. sei tsjin de trekker: "Gean do mar allinne." Dizze socht syn heil ek yn'e sleat.
- Mar Clara rekke troch in ôar syn tadwaan yn it sop. Se hie it nochal waarm en liet dat ek witte. Herke koe dat lijen net oansjen en triuwde har kopke ûnder..... Advys: Mar net te folle oer de waarmte kleie as Herke yn'e buert is.
- Hinke klage oer har droege tûn.  
Haye makke in bereiningynstallaasje.  
Eppy klage êk oer har droege tûn.  
Obe makke êk in bereiningsynstallaasje en..... doe reinde it.  
"Flapper is it wêr sa droech, soene jo de ynstallaasje het wêr startklear sette kinne?"
- Mar wêr't ik ek brodzich wie, dat wie op it hoelafeest, en de temperatuer rûn noch mear op tidens de badpakkesjo.....
- Der komme hieltiid mear boaten yn'e Trekfeart te lizzen. De 'Wipkikker' waard mei sjampanje te wetter litten. De sjampanje sil wol Kellergeister west ha, want de oare deis lei de boat op'e boaiem.
- Der is noch in "nije" boat signalearre: De Lor(d). Earst hie er mear wei fan in Lor, mar nei in fikse opknapbeurt koe er mei eare de namme Lord drage. Hy gedroech him lykwols net as sadanich, want hy brocht de opfarenden net fierder as de oare kant fan'e brêge.... Sa is de Lord wer ôfsakke ta Lor.
- Enne en Anny sitte al wer 30 jier yn it houliksboatsje. It feest waard op passende wize fierd: se gongen te boatsjefaren.

- We kinne sa njonkenlytsen better opneane wa't nêt oan de âlvestêdetocht meidien hat,  
We ha lykwols mar ien âlvestêde.....rinner:Joop Nota.
- Takom jier sil er de ienichste wol net mear wêze:  
Akke, syn frou, hat ek berchskuon kocht.
- Dizze J en A binne ferhuze nei Waltawei 41,  
Neffens ús moat it wêze 41a (op'e kreake).
- Efter de Sylroede is it earste nije 'hûs' klear.  
It sil wer ôfbrutsen wurde moatte, want it is illegaal  
boud, bûten it bestimmingsplan.
- Douwe en Ytsje bliuwe noch mar wat yn dit hûs; se ha  
de keamer teminsten noch marris behongen mei kreas wyt  
behang.  
Doe't it droech wie sieten der lykwols allegear giele  
flekken op.  
In eksper woe ha dat it komt troch sigarettreek fan de  
foarige bewenners.  
Wa wennen dêr earder ek al wer.....?
- Akke de H. betanke nei 25 jier foar de muzyk.  
Soene we tefolle beard ha?
- Gosse en Coby gyngen mei de saak nei in fuotbalwedstriid  
yn R'dam.  
Se sliepten dy nacht yn in ti...ge sjiek hotel,  
mei in ti.....ge grut bêd,  
tsjin in ti.....ge hege priis.  
Soene se de 3 oerkes dy't oerbliuwden wol sliept ha?  
Oars is it rendemint net sa heech west.
- Hille hat de langste, Sytse de breedste mar Jos aanst  
de smûkste.....oprydleane.
- Tsjerkwert it leit sa fredich en stil  
om har tige spitse tsjerketoer  
en no't de klok wer liedt  
klinkt dat fier de greiden oer





- Ule Haarsma faart no ûnder eigen flagge.  
De flagge dekt de lading;  
in bedriuw dat de flagge mei flagge en wimpel fertsjinnet.  
Dochs binne der minsken yn ûs doarp dy't de flagge raar  
waaie litte oer stoferlêst.  
En in flagge kin no ienris gjin stof beflappe.  
Sil Ule de flagge strike moatte foar de protesten?  
Wy fine lykwols dat de flagge mar net tefolle waaie litte  
moatte; de Poelstra's krije goedkeap kalk op it lân.
- Jan D. azet grif op oaipreemje.  
De âld hûn is sa keal skeard as in biljertbal en dat  
wylst Jan al 2x in skiepkje op it droege helle hat.....
- Cileke is slagge oan'e skoalle foar levensmiddelen theologie,  
neffens Phün. (Daar heb ik nog nooit van gehoord; waar is  
die school?)
- Doe't keningin Beatrix lêstendeis fan Boalsert nei Hylpen  
ride soe, tocht Pier Zijssling: ik set de flagge op'e mole.  
Ek Trudy gie mei de bern nei de dyk.  
Doe't de stoet der lâns kaam, wuifden Trudy en de bern wakker  
en giene wer nei hûs. Ek Pier helle de flagge nei ûnderen.  
Dêrnei kaam de keninginne pas der lâns. Dy earste stoet  
wie de pers.
- Bertus W. spuite syn tûngers dea; it lei der toar en brûn  
hinne.  
No is it gers by de buorman altyd griener.  
Mar yn dit gefal giet dat gesegde foar de Ymswâldsters, wat  
Bertus oanbelanget, net op.  
Hy sil it wol dwaan om syn gers griener te krijen as dat fan  
al syn buorlju.
- US Jan Dijkstra waard mei tenniskampioen 3de klas yn in  
mix-team fan tennisferiening "Het Tramhuisje".
- (Weet je dat) de legendaryske kat  
fan Hylke en Ineke  
spitichgenôch in dûbelgonger hie?  
Wat in kater!



## WEGAFSLUITING

- De Ymswâlderbrêge liet de moedfearren hingje. Op de dei dat der praat wurde soe oer de nije brêge joech er de geast. Noch efkes trochsette jong, dan kinst (yn'e) FUT.

- It sintrale Ymswâldster radiostasjon (Ymswâlde 7) stjoerde dy dei earnstige muzyk út. Oare dagen kin eltsenien op'e buert trochstrings genietsje fan fleurige nûmerkes. (Allinne it knipperke wol der noch wolris by unsjitte)

No't we it dochs oer Ymswâlde ha:

- Okke is op fakânsje, mar hy liet in Hiltsje thús.

- Eartiids beskermden ús foarfaars harren terrein mei dikke muorren mei punten derop. De Volbeda's dogge it krekt-en-gelyk. De boat dy't dêr no oanleit ferhûneloartet grif en giet de 'Wipkikker' efternei.

- Hans P. hâldt fan aventoer. Mei in maat te winkeljen yn Snits en ûnderweis de lêste kûgels fan in luchtdrukpistoal ta it rût útjeie: Op'e weromreis - se wiene it foarfal al wer fergetten- in wiere oerfal; se waarden klemriden en besprongen troch plysjeminsken. Hans syn hier stie rjocht oerein en sloech suver wyt út fan skrik. "Geld of je pistoal", wie it boadskip! No, as jo 2 auto's op'e dyk ha dan komt it lêste jo it bêste út!


- Tank foar de snypsnaren en de kopy fansels.

- In noflike fakânsje tawinske mei net tefolle Wy geane mei simmerreses. We binne der yn septimber wer. Dan wer graach jo kopy.

smog







3

3